

FRYSK & VRIJE UNIVERSITEIT
(1949 - 1989)

ûnder redaksje fan

Alex M.J. Riemersma
Trinus Riemersma
Willem W. Visser



VU Uitgeverij
Amsterdam, 1989

Frits van der Kuip

1. *Ynlieding*

De fryske literatuerskiednis hat noch in soad lakunes. Yn de ynlieding fan myn skripsje oer de poëzy yn 'e tritiger jierren (Van der Kuip 1987) jou ik oanrikemandaasjes ta fierder ûndersyk nei ôfsûnderlike dichters. Fan guon dichters har wurk is eins nea in yngeande stúdzje ferskynd. Yn dit artikel wol ik út ein sette mei in skôging oer de debútbondel *Lunchroom* fan J.D. de Jong.

Yn myn skripsje ha ik de poëzy út 'e tritiger jierren beskreaun yn it ramt fan in literêre fernijing, of, sa't men wol, ferskowing. Ik kom ta de konklúzje dat dy fernijing net troch it nei foaren kommen fan in nije, jongere generaasje beskaat wurdt, mar troch in feroarjende literêre koade dy't net yn it lêste plak by âldere dichters ta utering komt. As skaaimerken fan dy koade yn de tritiger jierren komme op grûn fan in foarriedige (subjektive) analyse sterk nei foaren:

- a. it brûken fan frjemde wûrden (fan no ôf s_1);
- b. it referearjen oan de eigen tiid, eigentiidske ûnderwerpen (s_2);
- c. de problematyk stêd of lân (s_3).

Mei dy skaaimerken ha ik in stekproef dien. Wat J.D. de Jong syn oanpart oanbelanget, kin men sizze dat s_3 gjin rol spilet yn syn wurk, en dat syn persintaazjes s_1 (4%) en s_2 (6%) aardich strike mei it gemiddelde fan syn tiidrek (7,5% resp. 5,1%) (Van der Kuip 1987:55,63).

2. *Resepsje*

De bondel *Lunchroom* kin men op ferskate wizen útinoar falle litte. Foarmtechnysk bestiet dy út in lyts tal frije fersen en in grut tal fersen mei in mear tradisjonele foarm. Ynhâldlik bestiet dy út in lyts tal fersen dy't op in spontane, sichtbere, suver agressive wize oan in wurklikheid fan ekonomyske krisis en oarlochsdriging referearje en in grut tal fersen dêr't op in suggestive en yntuitive wize utering yn jûn wurdt oan gefoelens as eangst, hope, leafde ensfh. Dy lytse parten, dy't meastal as in ienheid gearfalle (in frij fers mei in moderne ynhâld), ha ik yn myn skripsje as fernijende tendinzen beskôge.

No is it de fraach oft de tiidgenoaten, dus de lêzers sûnder histoaryske kennis, dy tendinzen sjoen en as fernijend ûnderkend hawwe. It aardige fan de resinsjes fan doe is dat se dy tendinzen wol oantsjutte. D. Kalma kin wurdearring opbringe foar de moed om in ûnderwerp as earmoed oan 'e oarder te bringen. J.H. Brouwer set yn syn resinsje wiidweidich út ein mei it neamen fan fersen mei in moderne ynhâld. As fernijend, ferfrissend wurdt lykwols de toansetting fan de bondel sjoen. De wurdearring giet it meast út nei de spontane en nei de suggestive, yntuitive wize fan uterjen:

[...] Hjir skriuwt in dichter alhiel út 'e yntuysje wei [...] Dit is net bislipe en bironge [...] dit wirk (is) yn syn soarte echt en libben en fris, nei de swiere technyske folsleinens dêr't wy ússels yn fêstramaeid hawwe [...] (Brouwer 1936:284)

Net yn de fersen op hjar sels leit de greatste bitsjutting [...] mar yn it skriuwen út en for himsels det dizze dichter sa tipearret [...] (Kalma 1937:69)

Beiden hawwe al krytyk op de swakke foarmbehearsking:

[...] Fen poëtyk yn ingere sin is amper praet [...] (Kalma 1937:69)

[...] Yn dizze bondel [...] (steane) gedichten dy't amper boppe in net ûnfortsjinstlike praterij útkomme [...] (Brouwer 1936:284)

It wurdt net alhiel dúdlik oft dy krytyk allinne op de frije fersen slacht. Wol is dúdlik dat de niis beskreaune positive eleminten yn harren beoardieling opwege tsjin de negative. F. Schurer skriuwt yn it foaropwird by *Lunchroom*, dat de fersen, doe't se yn tiidskriften ferskynden, 'foart op[foelen] troch spontane dichterlikens, frije taest en eigen lûd'. Hy sjocht De Jong

[...] net as in fortsjintwirdiger fan ien ef oare streaming, mar as immen mei ear for de muzyk fen 'e tael, mei eagen dy't forwûndere iepen gean kinne en wide trochsichten sjen [...] (Schurer 1936:2)

Sa't it liket wie foar de tiidgenoaten dat spontane en suggestive, yntuitive in fernijing, in fernijing dy't neffens Schurer neat mei ien of oare streaming te krijen hat.

Yn de twadde printinge fan syn literatuerskiednis ornearret ek Piebenga (1957:261) dat de jonge dichters yn dy jierren navenant net fan bûten ôf, yn it bysûnder troch de Nederlânske literatuer beynfloede binne, mar dat der earder in beskate Fryske tradysje bestie. By dy foarstelling fan saken as sieten se yn Fryslân yn in literêr isolemint set ik in fraachteken. Ik leau, dat de kennis fan oare, yn 't bysûnder Nederlânske poëzy by Fryske dichters folle mear as men tinkt trochwurket yn har fersen.

Ik wol hjirnei sjen litte hoe't De Jong eleminten út in beskate tradysje ferwurke hat yn guon fersen.

3. *Analyze fan in fers*

It skip

De swirden ratt'ljê del; fen ôf de wâl wirdt roppen
en 't swaait en 't siket rêst; in lêste skyn
fen ljocht oer 't weaggiend wetter; heech dêrboppe
de lege mêst; de nacht giet yn.

Dit wier hwet tûzen tinkers dreamen docht:
in fûgel, frjemd en fier; de seilen falle del,
de feart wirdt swart; in ink'le tel
fen frede, dy't de wrâld oan ink'len brocht.

Mar moarn: wy ha de greate klokken heard
en nimme wirrich wer ús line op
en skouwe 't skip; honear de lêste feart?
(De Jong 1936:38)

De foarm is frij tradisjoneel. It metrum is jambysk en wurdt yn syn monotony trochbrutsen troch in midden yn 'e fersrigel steande oergong fan de iene mei de oare sin of troch ien of mear trogeeën (r. 3 heech dêrboppe; r. 9 wy ha). Stêfrym komt hast yn elke fersrigel foar, mar net oerdiedich, heechút yn kombinaasjes fan twa wurden: in bylûd klingelt net in hiele rigel troch. Foaral de earste strofe docht muzikaal oan troch binnenrym (rêst/lêste/mêst) en lûdrym (siket rêst/lêste skyn). De strofe-yndieling is: twa kwatrinen mei de rympearen abab en cddc en in trijerigelige strofe sûnder einrym.¹ Yn de lêste strofe wurde sawol strofefoarm as einrym loslitten. Dat falt op en soe faaks in delslach wêze kinne fan de ynhâld.

De earste strofe jout it realistyske byld fan in jûntiid. In skip wurdt oan 'e wâl lein. Noch efkes in bewyske sinneljocht foar't it nacht wurdt. Binnen dy beskriuwing falt de konstatearring dat it skip rêst siket. It is dus tiid om út te rêsten foar dyjingen dy't op it skip sitte. Yn de twadde strofe komme tûzen (in soad, in protsje?) tinkers (minsken mear as sljochtweihinne, bejeftige lju?) op it aljemint. Hja wurde oan it dreamen set by it sjen fan in fûgel. Dy wurdt waarnommen as 'frjemd en fier'. Dat liket wat nuver, mar faaks sil it twiljocht oarsaak wêze foar it dizzenige foarkommen fan dy fûgel. Dizze passaaasje wurdt út in auktoriaal perspektyf wei ferteld en stiet dêrmei op in boppe-realistysk nivo.

In herhelling en yntinsifearring fan it realistyske byld yn 'e jûntiid folget yn r. 6, 7. De strofe slút ôf mei it konstatearjen dat it observaasjemomint hiel koart is en yn dy tiid wurdt mar oan in pear minsken (de tinkers yn r. 5?) in gefoel fan frede, fan lok brocht. Mear hat de waarnimbere wrâld net te bieden. Ik ha ien ding noch net opmurken oer de twadde strofe. Dy begjint en einet yn 'e doetiid. De dichter jout dêrmei oan dat de mooglikheid ta in momint fan lok by it observearjen fan guon bylden út de wrâld ta it ferline heart. Dy bylden op harsels besteane wol (se steane ek yn 'e notiid) mar der binne oare dingen yn 'e wrâld dy't de dreamen fersteure.

De tredde strofe begjint yn r. 9 mei 'Mar moarn'. De lêzer wurdt mei in skok-effekt, dat troch de ôfwikende strofefoarm mear klam krijt, op de feiten drukt: wy (it minskdom, de lêzer en de dichter?) hawwe de grutte klokken (need-, begraffenisklokken) heard. De wurklikheid is wreed. Needlot en dea driigje. Faaks kin men hjir in refleksje op de wiffe tiden (it gedicht ferskynde foar it earst yn *It Heitelân* fan 1934) yn sjen. Tagelyk set it 'Mar moarn' jin wer op it spoar fan it byld fan de jûntiid en it skip: de line dêr't it skip mei oan 'e wâl leit, wurdt opnommen en it skip wurdt wer fierder skood. It binne 'wy' (út r. 9) dy't dat dogge, 'wy' sitte yn it skip.

Mei it each op de ynhâld fan de twadde strofe kin men by de tredde net folstean mei in realistyske ynterpretaasje. Understel no dat it skip in byld is foar it libben fan de minske op ierde (de dichter en de lêzer) en it wetter it byld fan de tiid, dan soe men in ferklearring jaan kinne foar it feit dat 'wy' tsjin 't sin ('wirrich') de line (de tried?) opkrije en freegje wannear't de lêste feart befearn wurde moat (r. 11). Dus: nei oan de kant lein te hawwen, nei yntrospeksje en nei konfrontaasje mei de wurklikheid, freget de dichter him ôf oft it de muoite noch wurdich is om fierder te libjen.

4. *It symbolisme*

Dy ûnderstelling kom ik net samar op. De literêre moade yn Nederlân is yn 'e earste helte fan dizze ieu foar it grutste part frij lang beskaat troch it (post-)symbolisme en it is hiel goed mooglik dat in begjinnend Frysk dichter dêr it ien en oar fan skipe hat. Symbolisme is in sammelnamme dy't in bûnte lading dekt. It is ûntstien yn Frankryk yn de lêste desennia fan de foarige ieu. De Dútske idealistyske filosofy hat in belangryk stimpel op it symbolisme set.

In symbolist giet derfan út dat yn de dichterlike ûnderfining in ideële, transcendinte wrâld efter de stoflike wrâld kenber wurdt: de wrâld fan de Idee. De dichter sit op de stoel fan de wittenskipper, de filosoof, dy't de riedlingen fan de wrâld oplosse wol. Hy wurdt faak sjoen as in tuskenpersoan, in preester dy't fia de poëzy ynsjoch jout yn de Ideeëwrâld. Hy docht dat mei alle mooglikheden dy't de taal him biedt: synestesy, klankmuzyk, it frije fers, neologismen ensfh. Op in suggestive, a-logyske wize ropt er de Idee by de lêzer op.

Yn Nederlân hat it tiidskrift *De Beweging* fan A. Verwey e.o. in skoftlang beskiedend west en lang trochwurke. Men sjocht ek de ynfloed fan Plato, benammen by P.C. Boutens. Utgongspunt fan it neoplatonisme is dat de siel it wêzentlike útmakket fan de minske. De siel sit finzen yn it lichem op ierde en is ûnwennich fan it deaderyk dêr't syn skime omwaret. De siel heart net op ierde thús. De dea dy't er him winsket, is in befrijing en wurdt yn de poëzy faak omskreaun mei adjektiva as 'sêft', 'goed', 'myld'. Dêrby komt de gedachte út de romantyk dat it op ierde ien stik lijen is. De siel wit fan it bestean fan syn skime troch mominten fan tebinnenbringen. Dat binne de koarte mominten fan lok.

Om in pear foarbylden te jaan fan hoe't Nederlânske symbolisten dit langjen nei it ideële ûnder wurden brocht hawwe: Van de Woestijne begjint syn debútbondel mei in 'Voorzang' dêr't er yn beskriuwt hoe't nei in rûzige dei de natoer ta rêst komt. It eefkes sjen fan in flecht fûgels yn it twiljocht jout de dichter ynsjoch yn de struktuer fan it hielal en yn syn bestimming. It jûnjen stiet foar ferjitnis en dea, de sielerêst. Fûgels wurde faak ferlike mei de siel. Fan Boutens is it bekende byld fan de omheech fleanende ljurk. By Verwey sjocht men in troch de loft farrende skipper. Ommers, yn de hegere sfearen wurdt it ierdske wjerspegele, yn dy wjerspegeling tinkt men it ideële te finen (Van den Bergh 1973; Van den Bergh en Pröpper 1986; Van de Woestijne 1948: 15).

De fraach oft yn Fryslân yn 'e earste helte fan dizze ieu dichters oan te wizen binne mei sa'n filosofysk-idealistske tinkwrâld, kin ik noch gjin antwurd op jaan². Blêdet men wat yn poëzybondels om, dan kin men yn alle gefallen byldspraak fine dy't ta de literêre koade fan de Nederlânske symbolistske dichters hearde:

Amerij fen lok

[. . .]

Yn fealich langstme en drôvenis forlern
gean ik as frjemdling troch de daeg'ne skimen

[. . .]

Den gliidt in sinnestriel oer swarte kimen
en ik bin bliid en lokkich as in bern.

[. . .]

Ien amerij bin alle dingen finzen
 yn freugde, allinne omdat hja bistan
 en ik bestean mei mank hjar harmonije.

Sa scil, as iennis alle ierdske tinzen
 yn stille stream fen tiidleasheit forgean,
 de siel ûntstige oan hjar lêste lijen.
 (Jousma 1940:54)

Skip by simmerjoun

[. . .]
 Mar nou, by joun, [. . .]
 Dreau sleau it skip lâns mingeljende loftten,
 Blank, as in swan dy't him to pronkjen leit.
 [. . .]
 Sa sylt in wolken troch de tearste tinten
 Sunich de fiere sé ta, dy't him bea,
 Sa tsjocht ús siele yn 'e stjerrensstone
 Strieljend fen skientme yn 'e mylde dea.
 (Brouwer 1930:49-50)

Romance

[. . .]
 Dy't útfoer [. . .]
 Gliidt ûnder sang en strieling yn de iiv'ge slom.
 (Brouwer 1930:48)

*Liet (ûnderdiel fan de syklus *Symboalyske fragminten*)*

[. . .]
 De sé, de sé is wiid en djip
 En 'k hâld it wiffe roer;
 Det dizze nacht myn skeamel skip
 Yn feilge haven foer.
 (Brouwer 1934:17)

Jounpsalm

[. . .]
 De jounne hat syn koele hannen
 Meilijend oer ús hollen lein,
 En oan skiere skimerlannen
 De frede fen syn kommen sein.
 (Brouwer 1934:32)

5. *Beslút*

Hoewol't it hjirboppe mar om in hantsjefol foarbylden giet, kinne dy wol stipe jaan oan in ferklearring fan J.D. de Jong syn fers 'It skip'. It skip op it wetter

is dan in metafoar fan it libben op ierde. Op dat skip sitte sielen dy't in ynsjoch krigen ha yn har eardere bestimming. Hja sykje, ûnwennich en it libben sêd, it deaderyk ('de lêste feart'). Dan earst hawwe de sielen de rêst dy't se sykje en kinne se ynslomje (de mylde dea by J.H. Brouwer). De tinkers út de twadde strofe binne dan de as tuskenpersoan, as profeet fungearjende (symbolistyske) dichters. Oare fersen fan De Jong rjochtfeardigje dy ferklearring:

Skûten by nacht

[. . .]

Wy skouwe ús lêste skip oan wâl
en slomje yn. - De streamen
binn' fierder dreaun.
(De Jong 1936:9)³

It fers 'Deadefear' giet neffens my allinne mar oer de siel dy't syn skime yn it deaderyk siket. Dat deaderyk berikt men troch it passearjen fan de yn de klassike mytology bekende deaderivier of Styx. Foar de minske op ierde is dy rivier hast net en dat ryk hielendal net waar te nimmen. De siele dy't yn it lichem fan de minske sit, hat dan ek grutte problemen om syn wei te finen. Yn it earste part fan it fers wurdt in beskriuwing jûn fan boaten yn de mist dy't har wei net fine kinne. Yn it twadde part wurdt de winsk útsprutsen dat troch swier waar de mist ferdwine mei en dat de dea (hjr: drinkeldea) folgje mei. Yn it lêste part ferdwine boaten en deaderivier út it sicht, út de waarnimbere wrâld (en dus yn it deaderyk):

Deadefear

Yn de bleke dagen glide
swart en stil ús smelle boaten
en wy tille swier de riemen.

Troch de dize giet it fierder;
wy birekkenje ús kânsen
mar de hân dy't stjûrt is lam.

Stimmen flúst'rje, fingers wize:
it bigjin is net to finen
en de ein is net to sjen.

.....

Nou scoe ik de stoarmwyn bidde
mei syn giseljende fleagen,
tonger, wjerljocht scoe my lykje.

'k Scoe de sâlte weagen priisgje
as hja oer myn eagen krollen.

'k Scoe de hirde stiennen patsje
as hjar skerpe wrede tosken
my it wite fleis toskoerden.

.....
 Stimmen swije, deastil glide
 krekt as sinke de swarte boaten
 mei it wetter al mar djipper.
 (De Jong 1936:36)

Hat men foarkennis fan de literêre koade fan it (post-)symbolisme, dan sil men fersen mei sokke byldspraak as hjirboppe besprutsen binne, net gau oanmerke foar op harsels steand. Want mei dy kennis (en dy hie de dichter yn alle gefallen) is de ynhâld fan dy fersen folslein dúdlik en kin men de dichter pleatse yn in tradysje. Oft de dichter dy kennis by syn wat âldere Fryske keunstbruerren (Brouwer en oaren) wei hat of by, en dat liket my it wierskynlikst ta, Nederlânske en faaks ek bûtenlânske dichters, is fan minder belang.

Noaten

1. r. 9 en 11 rymje yn it dialekt fan it noardlik klaaigebiet (heard, útspr. [I.@]). De dichter komt út in oar dialektgebiet en sil sels net de bedoeling hân hawwe om hjir te rymjen. Optysk is der al einrym.
2. Hornstra (1987:46) beantwurdet dy fraach negatyf: 'Yn de Fryske literatuer is ús suver neat bikend fan in oanstriid ta it symbolisme'.
3. Postma (1949:67) mient dat dit fers better it titelfers wêze kind hie: '[...] Ien fan de moaiste gedichten [...] Dêr hie ek dalik oan to sjen west, dat it Romantyk is [...]'].

Bibliografy

- Bergh, H. van den (1973), Roland Holst als super-symbolist. *Maatstaf* 20, 816-827.
- Bergh, H. van den, H. Pröpper (1986), Symbolisme. Yn: Van Bork en Laan (red.) (1986:143-180)
- Bork, G.J. van, N. Laan (red.) (1986), *Twee eeuwen literatuurgeschiedenis*. Groningen: Wolters-Noordhoff.
- Brouwer, G. (1934), *Weagen*. Dokkum: Kamminga.
- Brouwer, J.H. (1930), *De gouden ûre*. Snits: Brandenburgh.
- Brouwer, J.H. (1936), Poëzy yn Fryslân. *It Heitelân* 18, 284.
- Hornstra, L. (1987), *It symbolisme yn West-Europa binammen yn Fryslân*. Ljouwert: De Tille.
- Jong, J.D. de (1936), *Lunchroom*. Snits: Brandenburgh.
- Jousma, A. (1940), *Kimeltd*. Snits: Brandenburgh.
- Kalma, D. (1937), Lûden yn Fryslân. *Streamingen* 2, 68-70.
- Kuip, F.J. van der (1987), Poëzy: 1935-1941. *Co-Frisica* 3, i-viii, 1-75.
- Piebenga, J. (1957), *Koarte skiednis fan de Fryske skriftekennisse*. Drachten: Laverman.
- Postma, O. (1949), Ta de moarn - Lunchroom - Jolm. In forgelykjende biskôging. *De Tsjerne* 4, 65-70.
- Schurer, F. (1936), Foaropwird. Yn: De Jong (1936:2).
- Woestijne, K. van de (1948), *Verzameld werk. Eerste deel. Lyrische poëzie*. Bussum: Van Dishoeck.